

In protte fariaasje by folymais

Folymais lit dit jier in gemiddelde opbringst sjen fan 398 gram setmoal de kilo droege stof en 14 ton droege stof de hektare. De opbringsten fariearje fan 7 oant 21 ton droege stof.

Dat blykt út santich analyzes fan folymaistelers oer it seizoen 2012. Yn dit jier gie 1.207 hektare mais yn Nederlân ûnder foly by sirka twahûndert ferskillende boeren.

2012 wie it fjirde jier op rige fan folymais. Oant foarich jier ta waard it foaral yn proeffoarm siedde mei dêrby ferplichte begelieding fan Hein-Willem Leeraar. Underdiel dêrfan wie it weagen en mjitten fan de mais. 'Dat ha wy no loslitten', fertelt Leeraar.

'Santich telers stjoerden op myn fersyk wol harren analyzeformulieren troch.'

Doel fan de folymais is foaral in heger setmoalgehalte te realisearjen. Mei in gemiddelde fan 398 gram setmoal komt dat út. Dat getal is dúdlik heger as by tradisjonele teelt. BLGG lit by tradisjonele teelt yn Fryslân, Grins en Noard-Hollân, de provinsjes wêr't fierwei de measte hektares mais stienen, op basis fan 2.440 analyzes in gemiddelde fan 351 gram sjen.

Fjouwerhûndert monsters fan laboratoarium ALNN fan tradisjonele teelt skoare gemiddeld 372 gram setmoal.

De ferskillen tusken ALNN en BLGG kamen foarich jier al oan it ljocht. Dit jier bliuwe dy oerein omdat beide laboratoria oan harren eigen metoaden fêsthâlde.

Ek by folymais skoare de boeren dy't by ALNN ûndersochten, gemiddeld dúdlik heger. It part fan de santich analyzes dy't by BLGG of ALNN útfierd binne, leit sa'n bytsje heal om heal.

'Foar ús is it moai en in befêstiging dat de setmoalgehaltes gemiddeld wer heger binne', stelt Leeraar.

'Mar om earlik te wêzen moat sein wurde: de sprieding is wol enoarm. Opfallend genôch foel krekt de opbringst yn kwaliteit en kwantiteit op de bettere, lichtere grûn tsjin.

Wiete maitiid

Dat is neffens him te ferklearjen troch de wiete maitiid. 'In protte greidboeren woenen dochs graach om heal april hinne siedzje. De grûn wie doe meastal noch te kâld en te wiet. Op de lichtere klaai en fine sângrûn is doe in protte grûn ticht slimpe, folle mear as op de swierdere grûn. Dêrom dit opfallende ferskil.' Ek ûnderbemesting en it kiezen fan ras spilet neffens Leeraar soms in rol.' In protte rassen dogge it ûnder foly wol goed en by tradisjonele teelt net, oarsom jildt dat krekt sa. Boeren tinke faak dat soks in kommersjeel praatsje fan my is, mar fan Pioneer, dy't de measte ûnderfining hat mei rassen ûnder foly tele en wêr't wy de measte rassen fan advisearje, ha ik noch nea in euro ûntfongen.

Veel variatie bij foliemaïs

Folliemaïs laat dit jaar een gemiddelde opbrengst van 398 gram zetmeel per kilo droge stof zien en 14 ton droge stof per hectare. De opbrengsten variëren van 7 tot 21 ton droge stof.

Dat blijkt uit zeventig analyses van folliemaïstelers over het seizoen 2012. In dit jaar ging 1.207 hectare maïs in Nederland onder folie bij circa tweehonderd verschillende boeren.

2012 was het vierde jaar op rij van folliemaïs. Tot vorig jaar werd het vooral in proefvorm gezaaid met daarbij verplichte begeleiding van Hein-Willem Leeraar. Onderdeel daarvan was het wegen en meten van de maïs. 'Dat hebben we nu losgelaten', vertelt Leeraar. 'Zeventig telers stuurden op mijn verzoek wel hun analyseformulieren door.'

Doel van folliemaïs is vooral een hoger zetmeelgehalte te realiseren. Met een gemiddelde van 398 gram zetmeel komt dat uit. Dat getal is duidelijk

hoger dan bij traditionele teelt. BLGG laat bij traditionele teelt in Friesland, Groningen en Noord-Holland, de provincies waar vanuit de meeste hectares folliemaïs stonden, op basis van 2.440 analyses een gemiddelde van 351 gram zien.

Vierhonderd monsters van laboratorium ALNN van traditionele teelt scoren gemiddeld 372 gram zetmeel. De verschillen tussen ALNN en BLGG kwamen vorig jaar al aan het licht. Dit jaar blijven die overend omdat beide laboratoria aan hun eigen methodes vasthouden.

Ook bij folliemaïs scoren de boeren die bij ALNN onderzochten, gemiddeld duidelijk hoger. Het deel van de zeventig analyses die bij BLGG of ALNN zijn uitgevoerd, ligt zo'n beetje half om half.

'Voor ons is het mooi en een bevestiging dat de zetmeelgehaltes gemiddeld weer hoger zijn', stelt Leeraar. 'Maar eerlijkheidshalve moet worden gezegd: de spreiding is wel enorm. Opvallend

genoeg viel juist de opbrengst in kwaliteit en kwantiteit op de betere, lichtere gronden tegen.'

NATTE VOORJAAR

Dat is volgens hem te verklaren door het natte voorjaar. 'Veel veehouders wilden toch graag rond half april al zaaien. De grond was toen veelal nog te koud en te nat. Op de lichtere klei- en fijne zandgronden is toen veel grond dichtgeslept, veel meer dan op de zwaardere gronden. Vandaar dit opvallende verschil.' Ook onderbemesting en rassenkeuze speelt volgens Leeraar een soms een rol. 'Veel rassen doen het onder folie wel goed en bij traditionele teelt niet, andersom geldt dat net zo. Boeren denken vaak dat dat een commercieel praatje van mij is, maar van Pioneer, die de meeste ervaring heeft met rassen onder folie telen en waar wij de meeste rassen van adviseren, heb ik nog nooit een euro ontvangen.'

>> *Vakatern Veebouderij*